

De artikelbydragen yn dit nûmer binne fan:

Sytske Hofstee, berne 1962 op 'e Hommerts, studearre teology oan 'e Protestantske Teologyske Universiteit te Kampen, is cross-kultureel teolooch en ûndersiker op it mêd fan histoaryske en teologyske ûnderwerpen. Se docht promoasjeûndersyk nei de Fryske 'geastlike fammen' yn 'e 17^{de} en 18^{de} ieu oan 'e Ryksuniversiteit Grins.

Ferenc Postma, berne 1945 te Grins, studearre teology en Semityske talen oan 'e Frije Universiteit te Amsterdam, promovearre yn 1995 oan 'e Károli Gáspár Universiteit te Budapest (Hongarije) op *Auf der Suche nach akademischen Drucken von Franeker (1585-1811) in den Spuren der Peregrinatio hungarica*, wurke fan 1979 oant novimber 2010 as teolooch en filolooch by de teologyske fakulteit, wurkgroep ynformatika, fan 'e Frije Universiteit te Amsterdam, waard ein 1997 ek bûtengewoan heechlearaar oan 'e Károli Gáspár Universiteit te Budapest (teologyske fakulteit). Is sûnt jannewaris 2011 ferbûn oan 'e UB Frije Universiteit, ôfdieling 'Bijzondere Collecties', foar neier ûndersyk nei it âlde protestantske boek, yn it bysûnder yn relaasje ta it histoaryske Hongarije.

Jurrien Rinse Gerrit Schuur, berne 1944 te Ljouwert, studearre sosjale geografy mei as byfak skiednis oan 'e Ryksuniversiteit Grins, promovearre yn 1979 oan dyselde universiteit op *Leeuwarden voor 1435. Een poging tot reconstructie van de oudste stadsgeschiedenis*, en publisearre oer de skiednis fan Fryslân yn de midsieuwen en oer de skiednis fan it sosjalisme en anargisme yn Súdeast-Fryslân.

Annemarie Zijlstra, berne 1988 te Dokkum, studearre arsjitektuer- en stêdebouskiednis en lânskipsskiednis oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Yn it ramt fan har masterskripsje Arsjitektuer en Stêdebou die se yn 2010 ûndersyk nei de wenningneed en 'romteneed' yn 'e gemeente Dokkum foar de gebietsútwreiding fan 1925. Foar in ûndersyksprojekt nei de arsjitekt Albert Breunissen Troost (Drunen 1832 - Snits 1900) hat se in oevrelist gearstald en in notysje skreaun. It is it doel dat, sadree't dêr in útjouwer foar fûn is, dat ûndersyk in ferfolch krije sil yn 'e foarm fan in publikaasje.

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)

